

# Underweis nei it ûndergean fan 'e sinne

De ien sjocht út nei dy lange, waarme dagen. De oar griist it oan; miggen, hjitte, tongerbuien en oeral toeristen. Abe de Vries skriuwt oer fersen fan dichters dêr't de simmer in rol yn spilet. Hjoed: *de wei nei de Westhoeke ta* fan Albertina Soepboer.

**Simmerpoëzij**  
Abe de Vries

**A**lbertina Soepboer (1969, Holwert) debutearre yn 1995 mei de bondel *Gearslach*. Har lêste, sânde Frysktalige bondel wie *Herbarium* (2014), dat fan 't jier nominearre is foar de Gysbert Japicxpriis. Har fers de wei nei de Westhoeke ta is skreaun yn it ramt fan de Bildtse Aardappelweken 2015.

Wy skriuwe de langste dagen – dy't ek it midden fan it libben symbolisearje kinne – en binne op 'e langste dyk, de Aldebiltdyk dy't yn it westen nei de Westhoeke en Swarte Haan ta rint. In frou, wy kinne ek poëtikaal sizze: de dichteres, rint de dyk del 'mei har boadskiptas' oftewol har notysjeblokje. Wat him ûnderskiede lit, komt dêr yn te stean: in kikkert, ierdappels op it lân, it lûd fan stappen, de leechte.

Efkes mei de eagen knipperje en dan is dêr ynienen it ferline, wêryn't in kleed meinommen wurdt om op te lizzen, wêryn't berneboartersguod weromfûn wurdt. It binne dy bylden, faaks út de jonkheid fan de ik-persoan, dy't de iensumens opheffe en de roken werombringe fan wat miskien in mem yn in keu-

ken makke: sop mei wat prei en ierdappel.

In bekende folkswiisheid wol dat it libben op it Bilt net foar alle ynwielingen in súkses wurdt. Foar guon duorje de winters dêr te lang, is it lân te rjocht, it libben op it plattelân is har te krap. Sok sizzen wurdt yn it fers fersmiten, de ik-persoan jout krekt utering oan syn bân mei de krite. It lân draaft sels op him ta, as wie it in hûntsje dat syn baaske nei in skoft wer sjocht.

Wat yn it tsjuster bliuwe de lêste trije rigels, sawol grammatikaal as ynhâldlik. Wa't of wat dêr longerert en 'read fan it wêzen' is, dêr komt men net samar achter. Wêr't krekt mei 'de siken fan 'e minske is op kommenswei' op tsjut wurdt, lit him ek net sizze. Dy 'iepenheid', of neam it ûnbepaaldheid, sil mei opset sin oanbrocht wêze, mei as

**It lân draaft sels op de ik-persoan ta, as wie it in hûntsje dat syn baaske nei in skoft wer sjocht**



**Albertina Soepboer.** Foto: Tresoar/Haye Bijlstra

doel om de lêzer te ferlieden sels syn betsjuttingen derby te betinken, dy't dan ferbân hâlde sille mei syn eigen referinsjeramt. Likegoed hat it wat fan in downer as de lêzer ek nei in yntinsive assosjaasje-sessy net op wat sinfolle komt.

De foarm fan it fers is opfallend klassisistysk: de strofen binne fjou-werrigels en alle rigels telle seis beklamme wurdliiden. Suver metrysk binne de rigels net en rymefekten treft men ek net oan: it fers is fierder fierhinne sprektalich skreaun. De regelmjittichheid wat it tal wurdliiden oanbelanget, liket dan ek benammen ta doel te hawwen om in soanysk patroan te produsearjen bûten it rym om. In soartemint fan basismeldij dêr't de rigels har op fierder glydzje litte kinne, ûnderweis nei de Westhoeke en it ûndergean fan 'e sinne.

**de Wei nei de Westhoeke ta**

**it ljocht tikkeboartet oer de langste dagen in frou rint de dyk del mei har boadskiptas in kikkert yn 'e sleat, jerappels op it lân lange stappen de delte yn en al dy leechte**

**lit my it ûnderskiede, myn eagen knipperje simmer, heech, ik nim in kleed mei, ik fyn de touter, en yn in eachwink is iensumens wei, en ik twifelje net dat it paad iepenet ta**

**de rook fan sop mei wat prei en jerappel en wa't dit libben sa net daaie kin, dy mei bêst genôch, oansitte mei in leppel, mar sis net dat it dy te rjocht is, dat it dy te krap sit**

**want oan ien tried wei draaft it op my ta de slachskaden op it wide lân, longerjend de sinne op it westen oan, read fan it wêzen de siken fan 'e minske is op kommenswei**

[www.bildtseardappelweken.nl](http://www.bildtseardappelweken.nl)